

## Gjin twadde kear

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2004, útbrocht op de CD "Der tuskenút"

It libben is eins krekt in doas Mecano  
Sa'n bak fol skroeven, moerkes en wat stikjes stiel  
Dû kinst' dêrmei de moaiste dingen bouwe  
Al is it wol in hiel soad gepiel  
Salang ast' lyts bist wol se dy wol helpe  
miskyn hast lykas ik ek wol in grutte broer  
Mar stiesto letter op dyn eigen skonken  
Is der foar dy hast gjin Mecano oer

C – F  
C – G  
C – F  
C–G–C  
E – Am  
F–C–G  
C – F  
C–G–C

*Kearsang:* Dû moastst der sels wat fan meitsje  
En wachtsje no net al te lang, want aansen kin't net mear  
En watst' ek dochst, moastst út en troch ek laitsje  
Want, tink derom, der komt gjin twadde kear

F – C  
G–C–C7  
F–C–Am  
F–G–C

Mei sechtjin jier doe krige ik ferkearing  
It famke wie sa kreas, alles siet der op en oan  
Mar ik wist foar gjin meter hoe'k it ha moast  
As ik wat sei, dan hie'k it fuort bedoarn  
Se lei in kear de holle op myn skouder  
Ik pakte har doe beet joech har in grouwe tût  
Sy raasde: wat bisto in lytse fyslak  
Myn grutte broer dy naaide mei har út

*kearsang:*

Elk jier waard ik fansels wer in jier âlder  
En njonkenlytsen krige ik myn libben foar elkoar  
Myn grutte broer dy bleau in maatsje grutter  
Wie my yn alles krekt in stapke foar  
Fan skoalle ôf seach ik in prachtich baantsje  
As stjoerman op in skip, dêr hie ik altyd al fan dreamd  
Ik gie dêr hinne, mar wie net mear nedich  
Sy hiene krekt myn grutte broer beneamd

*kearsang:*

*brechje:* Ien kear, is it de earste kear  
De earste kear is altyd mar ien kear  
Ien kear, is it de earste kear  
Dêrnei is it de earste kear net mear

F – C  
G7–C  
F – C  
G7–C

It libben is der net sûnder it deagean  
Ferdomd as it net wier is, dit ha ik nea earder dien  
It is wol hurd, mar 't is perfoarst it bêste  
Want in lijenswei dy gun ik wier gjinien  
Myn grutte broer, ik sil dy no mar helpe  
Want do hiest doe't ik lyts wie foar my ek alles oer  
Do naamst myn froulju en myn doas Mecano  
Mar dizze kear stean ik ris oan it roer

*brechje:*